

**[0712] DE NOARM FAN IT FRYSK EN TAALIDEOLOGY \***

Pieter Breuker

**SUMMARY**

*The aim of this article ['The norm of West Frisian and language ideology'] is to show that most of the reactions called forth by my dissertation Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk ['Standard' Aspects of Contemporary Frisian] (Groningen, 1993) from the ranks of the Frisian Movement were, at least partly, inspired by motives of language ideology. This applies for instance to the reactions of A. Feitsma, S.T. Hiemstra, R.J. Jonkman, R. Straatsma and L.H. Westra. My argument is that in writing a dissertation the researcher should (of course) strongly pursue an independent and critical approach to his subject, which implies keeping aloof from considerations of language ideology. Consequently, as far as the language standard of Frisian is concerned, the researcher should, in my opinion, not adopt one standard or another. Besides, this issue is too complicated to allow of simple choices. Another consequence of my approach is that one should not refrain from mentioning facts that are less favourable to the position of the Frisian language, such as the dominant linguistic and social status of Dutch in the Frisian language area.*

*The above-mentioned critics attempt to show the invalidity of the perspective I have chosen. In doing so they make it appear as if the role of Dutch in Friesland can be minimized or even ignored and as if the position and the standard of Frisian were not extremely problematical. In order to give a comprehensive picture, I have not limited myself to the (direct) reactions to my dissertation alone. Moreover, I have put them in a wider sociolinguistic perspective. In the reactions of my critics I distinguish four types of approach:*

- 1. attributing (largely or exclusively) negative characteristics to Dutch (and to other standard languages);*
- 2. not comparing Frisian to its rival and dominator Dutch, or at least as little as possible, but to other languages that are likewise in a minority position, e.g. Welsh;*
- 3. emphasizing the positive characteristics of Frisian and the Frisians;*
- 4. concentrating too much on the 'successes', the positive aspects of Frisian in its struggle with Dutch, whilst ignoring its losses, which are - not only in my view - larger.*

---

\* Bûten in wat oare titel en gearfetting en inkelde detailpunten yn earste opslach sa oanbean oan 'e redaksje fan *It Beaken*; *tydskrift fan de Fryske Akademy*, mar dy hat it wegere.

*I argue that by adopting these approaches, which can only be explained as stemming from language ideology, my critics have distorted the perspective I have chosen. I hope to have shown, however, that they have not succeeded in refuting my linguistic and sociological description of the relationship between Frisian and Dutch.*

### 1. Oanrin

Myn ein maart 1993 ferskynd proefskrift ûnder de titel *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk* (Breuker 1993a) hat in protte reaksjes oproppen. Bûten Fryslân wie it oant no ta foaral de parse dy't belangstelling toande, yn Fryslân kamen ek taalkundigen en mear noch 'taalsoargers' fanwegen.<sup>1</sup> De mieningen ûnder benammen de lêstneamde kategory oer wearde en ynhâld fan myn proefskrift rinne útinoar. Sintraal yn myn ûndersyk stiet de *fraach* ynhoefier't it Frysk as standerttaal besjoen wurde kin. Guon kritisy hawwe myn fraachstelling al te maklik ferienfâldige ta de (foar in part ideologysk beskate) tsjinstelling 'taal' - 'dialekt' en omdat ik it Frysk yn har eagen as 'dialekt' beskreaun hawwe soe, hawwe se alle war dien om it teoretyske ramt fan myn proefskrift oan te fallen. Ik sil no hjirre dy kwestje fierder gewurde litte, mar ferwiis dêrfoar nei de stikken dy't ik earder dêroer skreaun ha (Breuker 1993b; Breuker 1993c; Breuker 1993d).<sup>2</sup> Der sitte yn guon reaksjes noch in tal oare, net yn myn dissertaasje behannele punten, dêr't ik hjirre neier op yngean wol. It mienskiplike karakter dêrfan is ek (al of net ferburgen) taalideology. Om dêrfan in gearhingjend byld te jaan, behein ik my net allinnich ta (direkte) reaksjes op myn proefskrift.

Ik achtsje dy ideologyske útgongspunten op syn minst in beheining foar in reële, saaklike diskusje oer de noarm fan it Frysk, in foar it wittenskiplike debat fanselsprekkende eask. Mei it tanimmende gebrûk fan Frysk yn formele

---

1. It ferskil tusken beiden is miskien net altiten like dúdlik, mar se binne wol te ûnderskieden. In taalkundige is yn myn fyzje in wittenskipper dy't, hoewol't er ek yn dy kwaliteit bûn is oan it maatskiplike en kulturele ramt dêr't er yn funksjonearret, him frij fielt yn 'e kar fan syn ûnderwerp en deskriptyf te wurk giet, in 'taalsoarger' is ien dy't, eventueel (mei) op grûn fan wittenskiplik ûndersyk, de taalnoarm beynfloedzje en feroarje wol. It besef dat alle minsklik hanneljen yn in beskate kontekst stiet, mei foar in wittenskipper gjin reden wêze om dan mar bod te jaan oan syn persoanlike opfettingen (sj. ek noat 10).

2. Dat betsjut net dat der fierder oer dy kritiken neat mear te sizzen wêze soe: sels op it nivo fan simpele feiten en oare, kontrolearbere data jouwe se faak in ferkeard byld fan wat ik yn myn proefskrift steld ha. In foarbyld dêrfan is Feitsma har werjefte fan myn sintrale term distansjearring, dy't se te'n ûnrjochte lykslacht mei 'purisme' (Feitsma 1993d: 84). Ik sil op datsoart saken hjirre no fierder net yngean, om't ik mei dit artikel in oar doel ha (te witten it oan 'e oarder stellen fan de relaasje tusken wittenskip en ideology, demonstrearre oan de hân fan it objekt taalnoarm). Ik bin (op útnoeging) lykwols graach ree om nochris oer it troch guon kritisy suggestyf omgean mei feiten te skriuwen.

domeinen is de needsaak ta dat debat grutter as ea fantefoaren. Dit artikel wol in bydrage ta de diskusje wêze. Sjoen dy doelstelling sil ik my by it oanheljen fan literatuer net beheine ta reaksjes op myn proefskrift.

Ta in goed begryp fan it neikommende wiis ik der hjirre op dat it sintrale *ûnderwerp* fan myn proefskrift de noarm fan it Frysk is. Ik skriuw alderearst oer de foarm fan (normearre en net-normearre) Frysk. Dat is fansels in hiel breed ûnderwerp en allinnich dêrom al haw ik my beheine moatten, in wurkwize dy't mei ta utering komt yn it wurd 'aspekten'. Likegoed gean ik der fanút dat ik yn alle gefal wichtige aspekten oan 'e oarder steld ha. Foar my binne dat mei it Nederlânsk te identifisearjen foarmen en Fryskdialektyske farianten. Dêrby haw ik my net beheind ta de taalkunde: ik ha hiel prinsipiëel en hieltiten wer taalkundige faktoaren yn in sosjale kontekst set. Wat it *perspektyf* oangiet, merk ik fierder noch op dat ik it Frysk hieltiten yn it ramt fan it Nederlânsk set ha.

## 2. *Persoanlike belutsenheid by en distânsje ta it ûnderwerp*

De Fryske taalsituaasje bringt mei dat in Fryskbrûker, mear as de trochsneed Nederlânsktalige, allegeduerigen mei de noarmproblematyk te krijen hat. Dat komt foaral troch it twatalige karakter fan Fryslân, it fierhinne ûntbrekken fan ûnderwiis en oare foarming yn it Frysk en, yn gearhing dêrmei, troch de ûnwissens op it mêd fan de noarm fan it Frysk. Yn dat ramt moat myn proefskrift ek sjoen wurde: persoanlike, al jierrenlang besteande, belutsenheid hat my oanset om my dwaande te hâlden mei de noarmproblematyk fan it Frysk (sj. s. 13; ferwizingen sûnder neiere boarne slane op myn proefskrift). As bewust taalbrûker haw ik in persoanlike miening oer de fraach wat 'goed Frysk' is of, algemiener steld, wat 'goed' foar it Frysk is. Hoewol't ik hiel goed besef dat dy persoanlike belutsenheid en oertsjûging, dy't jin tige ta stúdzje oansette kinne en mei dêrom op harsels posityf wurdearre wurde moatte, jins teoretysk ûndersyksramt mei beskiede kinne, haw ik tige mei sin besocht om de (yn myn eagen) wichtige noarmfraachstikken op in algemiener plan te setten: it giet my yn myn proefskrift net om de miening fan Pieter Breuker, mar om it jaan fan in breder eachweid, net myn taalopfettingen steane foarop, mar 'de feiten', fansels foarsafier't dy troch it subjektive yndividu te kennen binne.<sup>3</sup> It skiede *wollen* (wat net altiten gear

3. Dy oanpak, dy't op gâns plakken yn myn proefskrift bliken docht, haw ik ek ûnder wurden brocht. Ik neam hjirre, út mear fynplakken, de siden 15 ('Ik woe lykwols leaver de noarmproblematyk fan it Frysk yn in wider ramt en út ferskillend perspektyf wei behannelje'), 18 ('Dêrby stiet foar my foarop om in byld te jaan fan yn myn eagen relevante aspekten fan standerdisearring'), 111 ('Wêr't it my yn dizze paragraaf foaral om giet, is dúdlik te meitsjen dat men ferskillende stânpunten ynnimme kin, dy't allegearre wat foar en wat tsjin hawwe. Normearjen

hoecht te fallen mei *kinnen*) fan subjektive foarkar en 'objektive' werklikheid is neffens my in earsten betingst foar wittenskiplik ûndersyk. Dat is foar de measten in iepen doar faaks, mar sjoen wat fierderop komt, meitsje ik dy opmerking dochs.

De hjirfoar koart beskreaune oanpak fan de noarmproblematyk fan it Frysk is yn it wurk fan guon kritisy lang net altiten werom te finen: se kieze iensidich foar de iene of oare taalnoarm of se stelle dat in oar dat docht. Dat lêste dogge, kin ik sjen litte oan byg. de ferskillende stânpunten dy't my samar taskreaun wurde. Ik jou in lytse blomlêzing:

1. Hiemstra mient dat Breuker 'net folle foar dialektseleksje fielt' (Hiemstra 1993a: 77);
2. Neffens De Jong 'polymisearret Breuker tsjin minsken dy't flyt dogge op harren Frysk', d.w.s. Hollanisten keare (De Jong 1993: 18);
3. Jonkman wol ha, ik wiis fuort al yn it begjin fan myn proefskrift 'meningen ôf dat it Frysk in taal [lês: 'standerttaal'] wêze soe; dy binne op oertsjûgingen en winsken en net op feiten basearre' (Jonkman 1993: 22);<sup>4</sup>
4. Riemersma skriuwt dat ik 'standert' posityf, 'dialekt' negatyf wurdearje, wêrby't 'standert' opfette wurde kin as Frysk dat (ta in hichte) 'suvere' is fan Hollanisten en Fryske dialektfarianten, 'dialekt' as it tsjinoerstelde dêrfan (Riemersma 1993a: 5).

It sil dúdlik wêze dat net alle kritisy yndividueel gelyk hawwe kinne. Hoe bryk as de 'bewiisfiering' faak is, kin ik taljochtsje oan de hân fan Hiemstra. Hy beropt him foar syn miening op myn 'eardere opstelling yn de taalnoarmkommisje [fan de AFUK]' en op in stelling út in lêzing wêryn't ik eksplisyt oer myn eigen taalnoarm praat ha (Hiemstra 1993a: 77). Wat yn myn proefskrift stiet, docht der, sa't it liket, net ta.

is net in swart-wyt kwestje, in ûnderwerp dat mar ien kant hat') en 125 ('Om ferskillende redenen sjoch ik der fanôf om op dit plak de foar- en neidielen fan normearring tsjininoar ôf te setten: hoe swier moatte de ûnderskate faktoaren meitelle en op grûn fan hokker kritearia?; yn hoefier spilet yn de beoardieling dêrfan (al of net bewust) jins persoanlike miening in rol?; hoe moat de sosjale posysje fan in taal yn it gehiel ferrekkene wurde?')

4. Ik skriuw: 'Der wurdt al sûnt it begjin fan dizze ieu diskusjearre oer de fraach oft der (sokssawat) as Standertfrysk bestiet. De meningen dêroer rinne sterk útinoar, ek hjoeddedei noch. Wat dêrby opfalt, is dat de ynnommen stânpunten yn it algemien sprutsen ûnfoldwaande taljochte en motivearre wurde, se binne tefolle op oertsjûgingen en winsken en te min op feiten basearre' (s. 18). Ik nim dus *op dit plak*, oars as Jonkman skriuwt, hielendal gjin stânpunt oer de status fan it Frysk as standerttaal yn.

Skriuwe de boppeneamde persoanen my al in iensidige miening ta, noch fierder giet Feitsma, dy't my de mooglikheid ta nuansarjen sels, sa moat men wol begripe, ûntnimme wol. Sy ferwyt my in 'ambivalinte hâlding foar de Fryske noarm oer', as soe ik by in ûnderwerp mei safolle kanten oars kinne (Feitsma 1993d: 86).<sup>5</sup> Neffens Feitsma moat ik de noarmproblematyk boppedat net allinnich beskriuwe, mar ek *oplosse*:

'Breuker syn 'oplossingen' foar it noarmprobleem binne wikseljend: soms hiel posityf (97), dan wer wifkjend (125), en op it lêst ornearret er: 'De yn myn fisy meast 'natuerlike' (?), meast organyske (?) reden foar fierdere normearing soe in feroaring te'n geunste fan it Frysk yn de ferhâlding tusken Frysk en Nederlânsk wêze'. Dat hy sjocht der gjin gat mear yn, en dat is neat gjin niget nei dy lêste stelling. Breuker jout him sûnder ienige restriksje ûnder de besteande machtsferhâldingen del en beslút mei de tuike-tuike-konklúzje dat de needsaak fan in al te strakke noarm relativearre wurde moat (238).

Yn dy tinkwrâld is aksje foar de noarm fan it Frysk op dit stuit sinleas en de mooglikheden dêrta wurde fuortriddearre' (Feitsma 1993d: 86).

It stiet der: Feitsma mist yn in wittenskiplik boek, dat eksplisyt de noarmproblematyk fan ferskillende kanten beljochtsje wol, ferset tsjin 'de besteande machtsferhâldingen', ik hie 'aksje foar de noarm fan it Frysk' ûndernimme moatten. Oars sein: Feitsma mist yn my de Fryske Beweging. Sjoen de doelstellingen fan myn proefskrift achtsje ik dat in ûnsaaklik ferwyt, mar it past by Feitsma har opfettingen oer wittenskipsbeoefening, sa't ik no hoopje sjen te litten. Hoe tinkt Feitsma oer de relaasje tusken wittenskip, maatskippij en ideology en - foaral - wat docht se dêrmei yn har wurk? Neffens Feitsma is der net allinnich in relaasje tusken wittenskip en maatskiplike kontekst (yn algemiene, abstrakte sin kin ik it dêr wol mei iens wêze, mar dan is it tagelyk in wiid iepen steande doar), de wittenskipper moat him ek maatskiplik tsjinstber meitsje. Ut it grutte oantal fynplakken yn har wurk dat fan dy fisy tsjûget, kies ik de resintste, dy't yn har ôfskiedsrede as bysûnder heechlearaar Frysk steane:

---

5. Feitsma ferwyt my oan de iene kant dat ik 'konsekwint-negative opmerkingen [meitsje] oer alles wat op [ynfloed fan] in Fryske noarm liket', mar oan de oare kant dat ik fan de 'normearre fariëteit' sis 'dat dy algemien propagearre wurdt en dat it berik dêrfan grut genôch is om bekend te wêzen by guon proefpersoanen. En op side 144 wurdt sels rept fan de macht en status fan T1, sadanich dat de noarm fan T1 beskiedend is foar it 'eksterne oardiel' oer in foarm, ek binnen t1' (Feitsma 1993d: 85). Ik merk alderearst op dat ik perfoarst net allinnich mar negative opmerkingen oer normearre Frysk meitsje (sj. byg. 101-102, 104-107, 110-111). Fierder konstruearret Feitsma hjirre in tsjinstelling dy't ferklearre wurde moat troch har iensidich perspektyf: de normearre fariëteit is of 'goed' of 'ferkeard'. Feitsma liket net genôch te sjen dat der oan it noarmfraachstik fan it Frysk hiel wat, faak tsjinstridige, kanten fêstsitte, dy't it ûnmooglik meitsje om simpele stânpunten yn te nimmen.

'Voor de goede orde: die januskop van het onderzoek, gericht op wetenschap en maatschappij, is natuurlijk niet specifiek voor de frisistiek, ook dat verschijnsel moet in een algemeen perspectief worden gezien. Wetenschapsbeoefening houdt altijd verband met maatschappelijke behoeften en belangen en met de daarbij behorende achterbannen en ideologieën';

'Er is nog een groep zonder welke wij ons werk voor de universitaire frisistiek niet zouden kunnen doen. Niet omdat de wetenschappelijke wereld dat zo noodzakelijk vond, maar door actie vanuit de Friese beweging is de universitaire frisistiek ontstaan en tot een bescheiden omvang gegroeid. Dat verplicht ons tot consciëntieuze en creatieve wetenschapsbeoefening en tegelijk tot dienstbaarheid aan het emancipatoire streven van de maatschappelijke groep die ons draagt' (Feitsma 1993e: 4-5, 24).

As 'dienstbaarheid aan het emancipatoire streven van de maatschappelijke groep die ons draagt', d.w.s. tsjinstberens oan de Fryske Beweging, ek betsjut dat men jins frisistysk ûndersyk yn tsjinst stelle moat fan dy Beweging, in hannelwize dy't hieltiten wer by Feitsma te finen is, dan liket sa'n opfetting my net ûnproblematysk ta. Alderearst is it, byg. út wittenskiplike nijsgjirrigens, legitym om ek op it mêd fan de frisistysk ûndersyk te dwaan dat net of net direkt tsjinstber is oan de doelen fan de Fryske Beweging. Sterker noch, foar in sa'n grut mooglik ferskaat oan lûden en fisys is it sels nedich. Wat oars is dat de útkomsten fan sok ûndersyk eventueel brûkt wurde ta nut fan de Fryske Beweging. It soe hiel ûnferstannich wêze as de Beweging de kânsen datoangeande net brûke soe. Der is in twadde reden om as wittenskipper hoeden om te gean mei de relaasje wittenskip-ideology. Elke wittenskipper hat weet fan it dilemma: objektyf wêze (wolle) en dus alle ûndersyksresultaten melde (ek de minder 'passende') of in moaie teory ynstân hâlde troch selektyf mei de gegevens om te gean. Wa't him dan sa ferbynt oan in 'maatschappelijke groep', makket it himsels net maklik (al wol dat uteraard net sizze dat syn ûndersyk per definysje ûnwittenskiplik is).

Yn in fraachpetear mei Feitsma yn *Frysk en Frij* fan juny 1993<sup>6</sup> stiet ûnder mear:

'De wittenskip fan Feitsma sit net yn in ivoaren toer, sy fielt har moreel ferplichte om aktyf te wêzen yn 'e fryske beweging [...]. Net dat beweging en wittenskip neffens har gearfalle. "De Frisistysk bestiet by de graasje fan de fryske beweging. Wa't dat ferbân ûntkent is net wiis. Mar ek wa't net ha wol dat der in spanning bestiet tusken wittenskip en ideology, sit der neist"' (Feitsma 1993b: 10).

Yn in noch wat resinter ynterview seit se it sa:

'Voor haar is het zo, dat wetenschap en Friese beweging onlosmakelijk met elkaar verbonden zijn.

---

6. Ik basearje my ek op (resinte, net troch Feitsma rektifisearre) fraachpetearen. Dat is neffens my ferantwurde om't de pasaaazjes dy't ik dêrút oanhelje, alhiel passe yn Feitsma har opfettingen.

Feitsma: "Ik fyn dy ferbining tige belangryk. Dat is eat wat ik hiel bewust doch en bin. Der sit in spanning tusken, mar dy dingen kinne net sûnder elkoar" (Feitsma 1993c: 27).

Dy spanning is foar Feitsma doch net grut genôch om wittenskip en ideology werklik útinoar te hâlden. In foarbyld. Yn in artikel út 1989 oer de noarm fan it Frysk skriuwt se:

'By it tinken oer de taalnoarm sille de 'natuerlike' posysje fon it frysk os fólkstaal en de ydeologyske en kultúrele bôppebouw fon it frysk beide har gerak ha matte' (Feitsma 1989a: 21).

Sa'n passazje lit gjin misferstân bestean oer de yn Feitsma har eagen needsaaklike ferbining tusken wittenskip en ideology. Ik merk foar de dúdlikens op dat ik ta it gebiet fan de wittenskip rekkenje in feitlike (of alteast sa bedoelde) konstataarring as 'de 'natuerlike' posysje fon it frysk os fólkstaal' (al soe dy typearring wol nuansearre wurde moatte), de rest fan de stelling ta de ideology.

Yn it ljocht fan it foargeande is it te begripen dat Feitsma *ek* yn har wittenskiplik wurk oer taalnoarm, dat op in inkelde útsûndering nei typearre wurde kin as in bydrage ta (ek eigen) ideeë-skiednis yn stee fan konkreet ûndersyk nei de feitlik brûkte taalnoarm, útspraken docht oer de troch har winsklik achte taalnoarm. Hieltiten wer makket se in kar, boppedat faak sûnder rekken te hâlden mei it 'enerzijds-anderzijds'-model, dat se oars sels ta har geastlike habitus rekkenet (Feitsma 1989: 17):

'It is te hoopjen dat de noarm [fan it Frysk] altyd fleksibeler bliuwe sil as [dy fan] it Hollânsk en dat de bining mei de sprutsen folkstaal *en* mei de dialekten der altyd bliuwe sil. Wy ha yn it Frysk in 'demokratysker' taalnoarm as yn it Hollânsk. Dat is in goed ding en it slút oan op de hjoeddeiske ûntjouwingen. Der is alle reden om de posysje fan it Frysk tusken folkstaal en kultuertaal net as in efterstân, mar as in goede saak te sjen' (Feitsma 1981b: 58);

'Sju, wy ha yn Nederlân it griene bûkje kryge mei it gefólge dot ik net mear goed nederlânsk staverje kin en dot ik it dus ek net mear dóg, wont ik fyn mysels gewoan te ôd om dot nog te learen, en ik fyn it skonde fon de tiid dy't ik nog oer ha om don dy healwize fwarkarstaving te learen. Ot jim no sa ienfwarmig wolle mei dy taal, dot jim dêr ien bepaalde stondert fon meitsje, don kin ik fonsels aansen ek gjin frysk mear skriuwe, wont don wit ik fonsels lang net hókker ot no de fwarkarsfwarm is dy't jo yn it frysk brûkke matte. Ik prakkesearje der net oer, en ik mat sizze, ik kóm jir emosjoneel en rasjoneel tsjin yn ópstân' (Feitsma 1989: 16).

Ik gean hjirre noch wat djipper op Feitsma har opfettingen oer taalnoarm yn: sy hat faker as wa dan ek oer dat ûnderwerp skreaun, mar tagelyk wurdt yn foaral hár wurk hieltiten wer dúdlik hoe ûnnedich ticht at wittenskip en ideology neistinoar lizze. De neffens Feitsma foar it Frysk winsklike taalnoarm moat syn grûnslach fine yn 'e sprutsen folkstaal, romte oan 'e dialekten jaan, en dêrmei 'demokratysk', 'gewoan', 'net deftich' (sj. ek fierderop) wêze. Troch in berop te

dwaan op de 'ydéologyske bôppebouw' kin Feitsma oan dat demokratyske, ienfâldige en folksaardige Frysk de eask ferbine dat 'ynfloed fon it hólônnsk ópkeard wurde matte [sil]' (Feitsma 1989: 21). De eask fan 'demokratysk', 'ienfâldich', 'gewoan' botst mei de noarm sa't dy ta utering komt yn it mear fersoarge, it mear bewuste taalgebrûk, dus foaral yn it skreaune Frysk, want dy kin min as 'demokratysk' ensfh. omskreaun wurde: op syn meast inkelde persinten fan de Frysktaligen hawwe ommers dy noarm (min ofte mear) yn 'e macht (s. 154-155). It prinsipe fan it mijen fan Hollanisten is anty-demokratysk, net 'gewoan' en 'ienfâldich'.

Om oan har ideaalbyld fan de Fryske noarm foldwaan te kinnen, moat Feitsma (in al te fier geande) standerdisearring ôfwize. Sa't wy hjirfoar al sjoen hawwe, docht se dat ek foar har eigen Frysk. Lykwols achtet se dat ek foar it Frysk yn it algemien de baas:

'Dr. Sjölin seit fierder, wy moatte komme ta in standert-Frysk. Mar ik freegje my ôf, hwerom moat dat. Ik sjoch dêr de needsaek net sa fan yn. Dat der forskillende dialekten binne, fyn ik gjin probleem' (Feitsma 1978: 8; sa ek yn byg. 1959: 50 en 1989a: 20).

Dy foarkar is yn striid mei har stribjen om it Frysk ek yn 'hegere' domeinen as ûnderwiis en amtlik ferkear in oan it Nederlânsk lykberjochtige en lykweardich plak te jaan. Der is uteraard in direkt ferbân tusken de maatskiplike posysje fan in taal en de noarm: wat mear as Frysk yn hege domeinen brûkt wurdt, wat formeler en strakker as de noarm wurde sil (sj. foar in wiidweidige taljochting op dy gearhing myn proefskrift, byg. de siden 72-73, 110, 122-123).

Feitsma siket in oplossing foar it dilemma troch te stellen dat de noarm 'makke' wurde kin. Sy hat har dêr it wiidweidichst oer útlitten yn *Twataligens*. Ien fan de paragrafen yn it haadstik 'Taalnoarm en ynterferinsje' hat as titel: 'Hokker noarm kieze wy foar it Frysk?' Feitsma har antwurd is: 'Der binne trije mooglikheden'. De tredde (de earste en twadde binne yn dit ferbân net fan belang) komt hjirre op del:

'Der is foar it Frysk ek noch (in bytsje oerdreaun sein) in soarte fan 'tredde wei' mooglik. Wy soene ús yn it technyske, amtlike en abstrakte taalgebrûk útlizze kinne op in sa gewoan mooglik taalgebrûk. Wy binne yn it Frysk yn de gelegenheid om yn sekere sin 'in nij begjin' te meitsjen, sa't dat ek mooglik is (of wie?) yn de Fryske preektaal' (Feitsma 1981b: 55-56).

Fergelykje ek:

'It [krearjen fan in net 'ónmooglik deftige styllaag'] sil net maklik wêze, wont un amtner is wend óm him te ferskûljen achter de amtlike frazes en de neatsizzende sinnen, mar ik ljo dochs dot wy yn it frysk de kôns ha óm wot tichter by normaal amtlik taalgebrûk te kómmen os yn it hólônnsk' (Feitsma 1989a: 19).



Feitsma is te optimistysk oer de mooglikheden om in taalnoarm yn te fieren<sup>7</sup> en amtlik jargon te mijen<sup>8</sup>. Der is in grutte distânsje tusken skriuwtafel en maatskippij. Wat dat oangiet, hoech ik allinnich mar te ferwizen nei de foar Feitsma tige bekende staveringsdiskusje út 'e jierren '60 en '70.

It subjektive karakter fan de troch Feitsma (\*1928) bepleite taalnoarm is ek sjen te litten oan de direkte ferbiningen dy't der tusken boppesteande sitaten en har persoanlike libbensskiednis te lizzen binne:

'In my opinion Waling Dykstra [1821-1914, PB] imitates to perfection in his written language the spoken language of the generation which taught me' (Feitsma 1980a: 337);

'Der is un oare kont, ik bin sa stadigoan wot ôder wurden en don ha jo fon jóngsô un soarte fon frysk leard dêr't de Taalspegel grif fon sizze sil dot dot gôns geve is os it frysk dot de jóngere generaasje om my hinne praat, en ik bin dêr eins ek wól wot óp steld, óp dot navenont geve frysk. Ik bin dus emosjoneel bûn oan myn sprektaal sa't ik dy tús leard ha, ik bin ek emosjoneel bûn oan it geve frysk' (Feitsma 1989a: 15);

'Ik besykje om it Frysk, mei de sprektaal dy't ik yn grutte halen thús leard ha, te brûken yn de wittenskip. Dêr wol ik de sprektaal foar brûke, ik wol dat myn taalgebrûk út myn eigen taal weikomt. Soks moat net los stean fan elkoar' (Feitsma 1993c: 27).<sup>9</sup>

Ik kin de romantyske en anty-yntellektualistyske tinkwize dy't dêrút sprekt miskien it bêste typearje troch in troch Feitsma sels oanhelle passazje út de (anty-folksaardige) wurken fan Douwe Kalma hjirre oer te nimmen:

'Kalma kónstatjerret un ferskil yn taalópfetting tusken ôderein en jóngerein. De taal fon de ôderein "hat him ienris foarme, yn de tiid fen hjar jonkheit, en is net fierder troch groeid. Dy jonkheit is wirden ta in soarte fen hillich lân, hwet men dêryn learde wier goed; sa as men dêryn praette, hearde

---

7. De mooglikheden om normearre Frysk (fierder) yn te fieren, moat men jin net op fersjen. Al soe de 'gewoane taalbrûker' sok Frysk prate of (earder noch) skriuwe wolle, hy docht dat faak net om't de kennis him dêrta ûntbrekt (112-116). Ek oer dat punt tinkt Feitsma, mar ek ien as Riemersma, te licht. De lêste skriuw: 'Sil der yn ut frieske un echte stondettaal kómme, dyt akseptjerre vurt en funksjonjerret, don sil dy yn mienkskipplek oerlees fêststeld vurre matte' (Riemersma 1977: 200). Ek sa'n útspraak suggerearret dat normearring alderearst in taalkundige kwestje is en giet foarby oan de sosjale krêften dy't op taal en taalnoarm ynwurkje.

8. Oer hoe dreech oft it is om 'normaal amtlik taalgebrûk' te krijen, skriuwt byg. Gorter (dy't by Feitsma promovearre is) (Gorter 1993: 152-155).

9. Fergelykje ek: 'Wêr leit foar Tony Feitsma it belang fan it frysk' [...]. "It giet om in eksistinsjele kar. It is jo eigen en dat wolle jo sjen te hâlden. Ik wol net samar op dat hollâns oerskeakelje. Ik wol net dat it frysk fuortgiet, ik fyn it belangryk dat dizze taal bestiet en dizze mienskip. It is net echt te beredenearen. Mear emosjoneel, ja. De rasjonalisearring komt achterôf" (Feitsma 1993b: 10).

it. Foroarje wrâld en tael letter, den is det om nea to forjaen, hwent it is in oantaesten fen it hillige byld lyk as it yn de siele libbe" (Feitsma 1982: 126).

Feitsma har útspraken oer taal en taalnoarm drage net by ta de oertsjûging dat se persoanlike en algemiene aspekten, ideology en wittenskip, werklik útinoar hâlde kin of miskien sels wol.<sup>10</sup> Se meitsje it tagelyk makliker te begripen dat Feitsma my yn har besprek fan myn proefskrift 'distansjearring fan de Fryske beweging' ferwyt, ik 'ferpak' yn myn boek mooglik wol 'in provokaasje oan it adres fan de Fryske beweging', 'de rol fan de Fryske beweging wurdt hast konsekwint fuortredusearre', sa wol se ha. Se einiget har besprek sels mei de opmerking dat myn boek 'net yn it foardiel fan de Fryske taalpolityk [wurket]' (Feitsma 1993d: 85-86). Ek as dy beskuldiging wier wêze soe, ik kin der *hjiirre* neat mei.

Yn deselde taalpolitike hoeke heart it ferwyt dat myn proefskrift gjin feitlike oanwizingen jout foar de te brûken taalnoarm. Ik sitearje resp. Feitsma, Hiemstra en Riemersma:

'[Breuker] syn beskriuwing fan de Fryske taalsitewaasje is ûnlykwichtich: dy docht gjin rjocht oan it Frysk as minderhydstaal, en de rol fan de Fryske beweging wurdt hast konsekwint fuortredusearre. Fangefolgen jout syn analyse fan de taalsitewaasje gjin basis foar praktyske oplossingen' (Feitsma 1993d: 86);

'In tal wêzentlike noarmfraachstikken binne nei myn idee lizzen bleaun of ûnfoldwaande útwurke. Hawwe wy der wat oan foar it ferklearjen fan de oarsprong fan it Fryske taal- en taalnoarmbesef? Hawwe de AFUK en de provinsje der wat oan mei it each op in fierdere kultuertaalplanning? Dat oardiel moat eltse lêzer nei it lêzen sels mar jaan' (Hiemstra 1993a: 79);<sup>11</sup>

10. It ferantwurdzjen 'fon wêr't josels steane' 'fwardat jo un wittenskiplik ferhaal skriuwe', in eask dy't Feitsma mear as ien kear formulearre hat, is fansels noch gjin frijbrief om dan dêrnei ideology ûnder it mom fan wittenskip te ferkeapjen. Sjoch foar de oanhaal: Feitsma 1989a: 15. Soartgelikense útspraken binne te finen yn û.m. Feitsma 1970: 8 en Feitsma 1980a: 336.

11. Hiemstra syn besprek is ferskynd yn *De Pompeblêden*, dat ûnder mear in *ûnderwiistydskrift* is. Doe't ik de tekst fan dit artikel al ôfsluten hie, krych ik (op 20-11-'93) in twadde krityk fan Hiemstra op myn proefskrift ûnder eagen. Dy wiidweidige skôging, dêr't noch in ferfolch op komme sil, is ferskynd yn *Levende Talen*, it 'Maandblad van de Vereniging van Leraren in Levende Talen'. Hiemstra syn ôfslutende sinnen dêrfan binne: 'Yn de no publisearre foarm is it proefskrift op gjin inkelde wize in brûkber stik ark foar de praktykminsk. En krekt dêr hie grut ferlet fan west' (Hiemstra 1993b: 547). Sa'n tige absolút steld ferwyt is yn *Levende Talen* hiel frjemd: wêrom oant twa (trije) kear ta yn ûnderwiistydskriften al dy muoite as de doelgroep der 'op gjin inkelde wize' wat oan hat? It *wittenskiplike*, yn stee fan in praktysk-ûnderwiiskundich doel fan myn proefskrift kin oars gjin misferstân oer bestean (sjoch byg. de titel en de siden 13-14 en 18-20 oer ynhâld en doelstelling). Boppedat haw ik dêr ek al foar it ferskinen fan it proefskrift op wiisd (Breuker 1992: 2). Ik kin it ferwyt fan Hiemstra c.s. oars allinnich mar begripe as se it ûntbrekken fan iensidich stelde, kant en kleare 'oplossingen' op it each hawwe. Op in abstrakter nivo kin elke, wat kreative, skoalmaster of Beweger materiaal út myn proefskrift helje.

'Ik hie ferwachte dat Breuker syn dissertaasje in praktysk ramt en tagelyk in hâldfêst jaan soe oan oplieders dy't yn 'e praktyk fan har taalûnderwiis allegeduerigen mei noarmaspekten te krijen hawwe [...]. Mar dat is net it gefal, de man foar de klas hat neat oan dut boek' (Riemersma 1993b: 78).

Sydlings merk ik op dat sa fansels elkenien wol wat winsken op in rychje sette kin: Frysk as minderheidstaal, de rol fan de Fryske Beweging, de oarsprong fan it Fryske taal- en taalnoarmbesef, in hâldfêst foar it ûnderwiis, is der ek noch mear? Ik soe oer al dy ûnderwerpen ek graach mear lêze wolle, mar dan wol yn in oar ûndersyksramt as dat fan myn proefskrift: dat is sa dat ik net of net wiidweidich op 'e neamde ûnderwerpen yn hoech te gean. Ik ferwiis dêrfoar nei de paragrafen 1, 4.1. en 4.3 fan dit artikel en nei myn earder ferskynd 'In literatuerman oer sosjolinguïstyk', in replyk op Riemersma syn kryptyk op myn proefskrift, s. 161 (= Breuker 1993c).

Ik wiis der fierder noch op dat ik net yn tsjinst fan de Fryske Beweging bin, ek net fan de AFUK of de provinsje en allikemin haw ik *yn dizze kontekst* ferplichtingen oan it ûnderwiis. Myn belutsenheid dêrby kin yn oare publikaasjes of lâns oare wegen ta utering komme.

### 3. Plak Nederlânsk

By de yn 'e *Oanrin* al neamde fraach at it Frysk as in standerttaal besjoen wurde kin, fergelykje ik it Frysk hieltiten mei it Nederlânsk. Om it Frysk op it nivo fan de konkrete taalfoarmen op in wittenskiplik ferantwurde wize te beskriuwen, moat omtinken jûn wurde oan de rol fan it Nederlânsk. Wat de *funksje* oangiet, skriuw ik û.m.:

'3. De posysje fan it Nederlânsk yn Fryslân is op hast alle fitale punten sterker as dy fan it Frysk. Ik neam dêrby taaloanbod, domeinbesetting en status. De iennichste belangrike útsûndering is de posysje fan it Frysk as sprektaal: dy is relatyf sterk, mar krekt de sprektaal is net yn de troch my bedoelde sin normearre.

4. Ek fan-hûs-út Frysktaligen hawwe trochinoar in bettere behearsking fan it Nederlânsk as fan it Frysk wannear't [it] om lêzen en mear noch skriuwen giet' (130).

Ek op it mêd fan de *foarm* is it Nederlânsk sterk oerhearskjend: skematisearjend kin men stelle dat de sprektaal beynfloede wurdt troch in noch hieltiten tanimmende ynterferinsje út it Nederlânsk, wylst de normearre taal, d.w.s. foaral de skriuwtaal, in grutte distânsje ta it Nederlânsk sjen lit. Wat it lêste oangiet: net allinnich (bewiisbere) eleminten út it Nederlânsk wurde mijd, mar ek foarmen dy't taalkundich sjoen ta de Fryske wurdfoarried en grammatika hearre. Yn beide gefallen, by ynterferinsje en distansjearring, is it Nederlânsk de driuwende krêft, al is it resultaat yn de konkrete taalfoarmen dus krekt it tsjinoerstelde. Dat de

ynfloed fan it Nederlânsk op it Frysk, sawol neffens foarm as funksje, grut is, sil net ien ûntstride kinne, al is it fansels altiten mooglik dat der ûngelikens tocht wurdt oer de krekte mjitte dêrfan.

De relaasje Frysk-Nederlânsk rint as in reade tried troch myn dissertaasje. Sjoen de kar fan myn ûnderwerp koe dat ek net oars. Ut in eachweid fan eigen identiteit fan it Frysk haw ik soms pynlike konklúzjes lûke moatten (byg. 107-108). In sprekkend foarbyld dêrfan is dat sels de foarm fan normearre taal foar in net ûnbelangryk part troch it Nederlânsk beskaat wurdt (byg. 70-71). Ik realisearje my hiel goed dat sa'n oanpak en beskriuwing fan de noarm fan it Frysk ûntmytologisearjend wurket, mar dat mei fansels gjin reden wêze om de saken oars foar te stellen as at se (yn myn eagen) binne. Dy opfetting soe yn wittenskiplike rûnten, ek Fryske, fanselssprekkend wêze moatte, mar der is reden om dêroan te twiveljen. Ik wol dêr no oan 'e hân fan foarbylden út de literatuer oer de noarm fan it Frysk op yngean.

Guon jouwe (iepentlik) *emosjonele* kwalifikaasjes oan it Nederlânsk. Sa hat Feitsma it net allinnich oer 'het vanouds dominerende en al te monolitische nederlands' (Feitsma 1987a: 67), mar ornearret se ek dat 'the connotative characteristics of Frisian will give way to the Dutch Moloch' (Feitsma 1980a: 337). It taskriuwen fan negative eigenskippen oan it Nederlânsk en standerttalen yn it algemien hinget dêrmei gear. Ien fan de bewende manieren dêrby is om it Nederlânsk (en oare standerttalen) as 'earm', 'ûnminsklik' te typearjen (de hjirnei kommende oanhalen binne fan resp. Boersma/Feitsma, Feitsma, Riemersma\*, Feitsma, Jonkman\*, Feitsma, Feitsma, Riemersma\*, Riemersma\*. In \* wol sizze dat it sitaat yn in resinsje fan myn proefskrift te finen is):

'it Hollânsk, sa tige forearme troch syn tokoart oan forbining mei de dialekten' (Boersma/Feitsma 1959: 49);

'By standerdisearring sa't dy oangeande it Nederlânsk plak hân hat, wurde ek weardefolle parten fan 'e taal fuortsnijd' (Riemersma 1993b: 80);

'Translation into Dutch (for Frisians the medium par excellence of abstraction)' (Feitsma 1980a: 337);

'Alle Fryskskriuwers wite hoe betreklik maklik at it Nederlânsk skreaun wurde kin. Gâns foarbakte sinskonstruksjes liene har foar it flot oaninoar rigeljen fan sindielen. Op de middelskoalle hawwe de measten fan ús wol leard hoe't de steatsnasjonale taal flot brûkt wurde moat. It wie meast in saaklike oangelegenheid' (Jonkman 1993:22);

'It grappige wie, dot ot ik don dy hóllônske gearfetting lies, en ik tocht: hea, wot soe dot betsjutte, don blêde ik even fjirder nei dy ['fryske gearfetting'] fon Rommert Steenbeek, en don wist ik temeensen wot ol dy rare wurden betsjutten' (Feitsma 1989a: 19);

'it frysk [...] stiet óp 't heden tusken fólkstaal en kultuertaal yn. Dot hat de gelukkige kónsekweensje [...] dot de fryske nwarm nog un bytsje mear meensklikhyd yn him hôte kin os de hóllônske' (Feitsma 1989a: 16);

'En jo soene by de amtners mear wurkje matte mei fwarbylden dy't sjen litte hû't men yn normale brief skriuwt yn it frysk os amtner, hû meitsje wy dy brief, dy amtlike brief, minder ûnmeensklik os yn it hóllôns?' (Feitsma 1989a: 19);

'Wa't net yndoktrinearre is troch taalmtners dy't mei tûmstôk en ingster by de libbene taal lâns gonne, sjocht ommers klear dat in standerttaal in sikenhúspesjint is, in taal ferminkt, ferearmoede, amputeare, beregele en beoardere en ynreaun yn in spanlekken. Lit ús it Frysk dôch net koartwjukje ta in 'standert', mar út frije flerken fleane litte' (Riemersma 1993a: 5);

'Standerdisearring is in proses wêrby't in taal op 'e snijtafel lein wurdt en befike en modellearre wurdt neffens it ideaal fan 'e sirurgen. Dy sirurgen binne gjin taalkundigen, yn dy sin dat se aardichheid oan taal of sels leafde foar taal hawwe, se binne net begien mei de pasjint, se misbrûke de pasjint foar har eigen doel: yndruk meitsje, macht útwreidzje' (Riemersma 1993b: 80).

Sokke iensidige, soms sels ûnberoaide, útspraken hawwe mei wittenskip net it measte te krijen. It tekoart oan objektivens wurdt allinnich mar fersterke troch oare middels dy't (ek by it ûnderwerp taalnoarm) brûkt wurde om de relaasje Frysk-Nederlânsk minder krekt - ik sis it mar foarsichtich - foar te stellen. In ferhoalen manier is om it Frysk as minderheidstaal op te fetsjen en it yn dy kwaliteit leaver net mei it Nederlânsk, mar mei oare minderheidstalen te fergelykjen. Wat minder ferburgen is de wurkwize wêrby't eksklusyf oan it Frysk en de Fryske mienskip bysûndere en positive eigenskippen taskreaun wurde. Wer mear ferburgen is it neamen fan de 'súksessen' fan it Frysk sûnder de ferliespunten derneist te setten. Oer alle trije no mear yn de paragraaf hjirnei.

#### *4. Plak Frysk*

##### *4.1. Frysk yn it perspektyf fan minderheidstalen*

Yn har besprek fan myn proefskrift komt Feitsma der mar leafst trije kear op dat ik it Frysk net mei oare talen, yn it bysûnder oare minderheidstalen, fergelike ha. Riemersma achtet it 'tige opfâlend' dat yn myn proefskrift de term 'minderheidstaal' net foarkomt, 'alleast net neffens it saakregister' (Riemersma 1993b: 80). Ik jou no earst de oanbelangjende sitaten fan Feitsma en gean dêr dan neier op yn.

'No sil net ien de ynfloed fan it Nederlânsk op it Frysk ûntstride, mar yn dat ramt soe no krekt de noarmproblematyk fan bygelyks Welsh of Katalaansk in folle sinfoller ferlikingsobjekt west ha';

'[Breuker] syn beskriuwing fan de Fryske taalsitewaasje is ûnlykwichtich: dy docht gjin rjocht oan it Frysk as minderhydstaal';

'Dat it Nederlânsk yn alderhande opsichten in grutte ynfloed hat op it Frysk (136 en passim), is âld nijs, en Breuker docht dêr ek net it measte mei. It Nederlânsk mei syn funksje fan hege fariëteit soe it funksjonearjen fan it Frysk as normearre taal behinderje (cf. 126, 128). Mar Breuker ferjit dat it Hollânske model net de iennichste mooglikheid is: yn Iislân is de standert basearre op de dialekten fan de 'lower class rural speakers' omdat dy suverder achte waarden (Joseph 1987, 58-59) en it Servokroatysk hat in soartgelikense ûntsteansskiednis (Gvozdanovic 77). Dat, wat mear ûndersyk nei ûntstean en funksjonearjen fan de Fryske noarm soe net wei wêze' (Feitsma 1993d: resp. 84, 86, 85).<sup>12</sup>

Deroan foarbygeand dat Feitsma it wurd 'hjoeddeiske' yn de titel fan myn proefskrift net achtslacht (oars soe se de eask fan 'ûndersyk nei ûntstean [...] fan de Fryske noarm' net stelle kinne) en der ek oan foarbygeand dat ik it Frysk no krekt wol as 'minderheidstaal' beskriuw, allinnich yn it perspektyf fan it Nederlânsk en net yn dat fan it Welsk ensfh., wol ik trije, mei-inoar gearhingjende, aspekten út de foargeande oanhalen op in rychje sette:

1. Feitsma relativearret de rol fan it Nederlânsk;
2. Frysk moat (dus) yn in oar perspektyf sjoen wurde;
3. dêrta kinne net allinnich 'minderheidstalen' as Welsk en Katalaansk tsjinje, mar ek (standert)talen as Servokroatysk en Iislânsk.

Feitsma har boadskippelistje mei easken oan de ûndersiker nei de noarm fan it Frysk liket my net allinnich ryklik lang ta, mar ek net botte beriddenearre en boppedat tsjinstridich. Om mei it lêste te begjinnen. Moat it Frysk no fergelike wurde mei in standerttaal, mei in minderheidstaal of mei beide? It liket my ta dat de útkomsten fan it ûndersyk sterk gearhingje mei it perspektyf dat men kiest en ek mei de kar fan de konkrete taal of minderheidstaal. In oare fraach: moat it Frysk *al of net yn it ramt fan it Nederlânsk* mei in oare standerttaal of in oare minderheidstaal fergelike wurde? De lêzer moat it mar útsykje. Feitsma lit him ek noch op in oar punt yn 'e kjeld stean: *wêrom* soe it Frysk mei 'bygelyks' it Welsk en/of Katalaansk en/of Servokroatysk en/of Iislânsk yn ferbân brocht wurde moatte en net mei it Quechua of it Yimas?

In ferwyt dat mei it foargeande gearhinget, is Jonkman syn opmerking dat ik yn myn proefskrift net foar in 'polysentristysk', mar foar in 'monosentristysk' standerdisearringsmodel keazen ha (Jonkman 1993: 22). Ek Feitsma komt dêrop: 'de mooglikheid fan twa sintra fan standerdisaasje en autonomy wurdt net behannele' (Feitsma 1993d: 84). Ta in goed (of yn alle gefal better) begryp fan de terminology: by Jonkman syn lêste model 'giet it om ien set fan noarmen' en by de earste om ferskillende sets dy't tagelyk yn in mienskip foarkomme'

---

12. Ek Hiemstra (1993b: 546) wol my it Frysk mei oare minderheidstalen fergelykje litte: 'My tinkt dat [...] in ferliking mei de noarmproblematyk fan oare Europese minderheidstalen mear foar de hân lein hie as it oanheljen fan de A[lgemene] N[ederlandse] S[praakunst] [foar in definysje fan 'Standertnederlânsk']'.

(Jonkman 1993: 22). Fanwegen de twataligens yn Fryslân en de bysûndere posysje fan Frysk as minderheidstaal soe it 'monosintristyske' model net foldwaan. Besiket Jonkman syn pleit foar in polysintristyske beskriuwing noch wat te motivearjen (sûnderdat it him yn myn eagen slagget), Feitsma ljochtet har (foar)kar net iens ta.

It hjirfoar sketste perspektyf fan Feitsma c.s. foldocht om mear as ien reden net. Ik ha oan it begjin fan dizze paragraaf al wiisd op it yn gâns opsichten oerhearskjende karakter fan it Nederlânsk yn Fryslân, ek ûnder Frysktaligen. Elke fan-hûs-út Frysktalige (fan de Friezen fan 12 jier en âlder *kin* 73% Frysk prate, 10% kin it skriuwe, 65% kin it lêze en 97% kin it ferstean), elke fan-hûs-út Frysktalige dus hat ek it Nederlânsk yn 'e macht. De oarsaken binne bekendernôch: ik hoech dêrfoar gjin politike, ekonomyske, sosjale, kulturele en ûnderwiiskundige analyse te jaan fan de relaasje Fryslân - Nederlân en, yn gearhing dêrmei, fan de ferhâlding tusken Frysk en Nederlânsk. It is de fraach yn hoefier't men foar de trochsneed Frysktalige it Nederlânsk noch as in twadde taal besjen kin, dat wol sizze yn termen fan de skriuwers fan it boek *Twataligens* as 'in taal dy't it yndividu, neffens de noarmen fan de maatskippij, njonken syn memmetaal heart oan te learen en te behearskjen as syn memmetaal' (Feitsma 1981a: 16). Ik ha yn dy beskriuwing foaral beswier tsjin de foarstelling as soe in Frysktalige it Nederlânsk *hearre* te learen. It liket my ta dat it hjirre foar elke (net oerâlde) Frysktalige om in fanselssprekkendheid, in absolute needsaak, giet, like folle hoe't er oer it Nederlânsk tinkt. De trochsneed Frysktalige behearsket wat it lêzen en skriuwen oangiet it Nederlânsk sels better as it Frysk. Mei yn it ljocht dêrfan wiis ik de opfettingen ôf sa't dy yn 'e sitaten hjirfoar oer plak en funksje fan it Nederlânsk nei foaren komme: dy hawwe te min in feitlike, tefolle in ideologyske eftergrûn.

Wat is no it ferbân tusken it plak fan it Nederlânsk en myn ûndersyk? It antwurd dêrop jou ik fuort op 'e earste tekstsida fan myn proefskrift:

'It sintrale ûnderwerp fan dizze dissertaasje - de noarm fan it Frysk - hat al hiel lang myn belangstelling. Dat kin ek hast net oars: as fan-hûs-út Frysktalige, dy't bewust syn memmetaal brûkt, bin ik al betreklik ier konfrontearre mei de fraach wat 'goed Frysk' is. In antwurd dêrop wie (en is) net mooglik sûnder yn alle gefal in miening te hawwen oer de Fryskdialektyske farianten en oer foarmen dy't op ien of oare wize mei it Nederlânsk yn ferbân te bringen binne, itsij omdat se dêrtroch beynfloede binne, itsij omdat se om in oare reden mei dy taal te identifisearjen binne' (13).

Wa't him dwaande hâldt mei de talige foarmen fan it Frysk, *moat* ek stúdzje fan de rol fan it Nederlânsk meitsje. It is dêrby in yllúzje om te tinken dat der sokssawat as in 'autonom Frysk standerdisearringssintrum' bestean soe: de Frysktalige wurdt allegeduerigen mei it oermachtige Nederlânsk konfrontearre. Dat lêste kin men no just net sizze fan (foar him) eksoatyske talen as Welsk, dat

is mear wat foar de Welshmen sels en foar taalgelearden en Bewegers. Dochs wolle guon kritisy it perspektyf fan myn proefskrift yn dy rjochting ferskowe. Sjoen har fisy op it Nederlânsk, liket my de fraach rjochtfeardige ynhoefier't dêrby wer taalpolitike motiven in rol spylje: de fergeliking Frysk-Nederlânsk pakt sá neidielich foar de earste taal út dat om ideologyske reden elk oar perspektyf better is.

Foar alle dúdlikens: it boppesteande hâldt net yn dat stúdzje fan it Welsk ensfh. gjin doel hawwe soe. By it kiezen fan in oar ûndersyksobjekt, byg. fergeliking fan Europeeske minderheidstalen, kin dat hiel sinfol, sels needsaaklik wêze. De legitimiteit as sadanich fan de fergelykjende stúdzje fan minderheidstalen is (fansels) gjin punt fan diskusje. Ik wol der dêrby al op wize dat minderheidstalen net samar neistinoar set wurde kinne. Sa binne der neist in protte oerienkomsten tusken de posysje fan it Frysk en it Welsk ek gâns ferskillen. Ien dêrfan - Frysk en Nederlânsk binne inoar neibesibbe talen, Welsk en Ingelsk binne dat hielendal net - is al genôch om op it mêd fan de noarmproblematyk hiel foarsichtich te wêzen mei it konstruearjen fan parallellen (wat dat oangiet leit fergeliking tusken Frysk-Nederlânsk en Katalaansk-Spaansk mear yn 'e reden). Dat jildt ek foar de dialektferskillen, sa is my dúdlik wurden út petearen dy't ik yn 1992 op in stúdzjereis yn Wales mei ûnderwiislju en wittenskippers dêr hân ha. Oars sein, wa't de noarmproblematyk yn in breder ramt sette wol, sil gâns mear dwaan moatte as it loswei neamen fan (al of net reële) fergelikingsobjekten.

In foarbyld fan perspektyffertekening lit ek Hiemstra syn reaksje op myn proefskrift sjen (Hiemstra 1993a). It falt alderearst op dat Hiemstra by it jaan fan syn fisy op 'e noarm fan it Frysk hielendal net yngiet op plak en rol fan it Nederlânsk. It iennichste wat men dêrfan fernimt, is syn (net problematisearre) stelling dat Hollanisten bestriden wurde moatte.

Hoe ideologysk beskaat Hiemstra syn opfettingen oer de taalnoarm binne, mei ek bliken dwaan oan syn fisy op 'Standertfrysk'. Hy achtet it beslút út 1985 fan it AFUK-bestjoer, wêrby't it *Hânwurdboek* fan de Fryske Akademy ta 'binend foarskrift' ferklearre waard, net fier genôch gean: der sitte sa noch fierstente folle 'dûbletten', 'tripletten', en 'kwadrupletten' yn it Frysk. 'Standertfrysk heart neffens my wat oars te wêzen', ornearret Hiemstra (Hiemstra 1993a: 77). Hy seit sûnder omhaal dat *syn* 'Standertfrysk' der komme *moat*. Syn motivearring dêrfoar leit, sa skriuwt er sels, op 'it *taalideologyske* mêd'. Hiemstra hat noch in twadde reden, in '*ûnderwiiskundige*', sa wol er ha. Wat dy lêste reden oanbelanget, jout er as taljochting:

'Der moat [...] mear *ienheid*, *kontinuïteit* en *ôfstimming* komme yn it taalwinningsproses dat kursisten/learlingen trochmeitsje moatte' (Hiemstra 1993a: 77-78).



As dat al foar alle ûnderwiissituaasjes (dus ek de Fryske, dêr't Hiemstra him op beroept) wier wêze soe, is dêr dizze útspraak fan him min mei te rimen:

'It is neffens my [...] ek ûnderwiiskundich fan belang om (safolle mooglik) *distânsje* mei hollânismen en foarmen dy't dêr op lykje, yn acht te nimmen' (Hiemstra 1993a: 78).

Ik soe sizze dat al dy ynterferinsjes as 'sich', 'sleutel', 'tante', 'truitsje', '(ik) wacht' en 'ik gean fytsen' folle makliker binne foar in trochsneed Frysktalige (dy't ommers ek it Nederlânsk yn 'e macht hat) en folle mear oan 'e trits 'ienheid', 'kontinuïteit' en 'ôfstimming' foldogge as de Fryske foarmen 'him', 'kaai', 'muoike', 'truike' en 'ik sil (te) fytse(n)'. Of is it learen fan twa foarmen ienfâldiger as fan ien? Mei oare wurden, wat Hiemstra 'ûnderwiiskundich' neamt, is (yn alle gefal foar in part) like goed 'taalideologysk'.

#### 4.2. Skaaimerken fan it Frysk en de Friezen

Sa negatyf as it Nederlânsk beskreaun wurdt, sa posityf is it byld dat guon fan it Frysk jouwe. Ik ha fan it lêste yn it foarbygean al in pear foarbylden neamd: it Frysk is 'minkliker' as it Nederlânsk en it hat gjin 'rare wurden', sa is de suggestje, it is foar Riemersma de muoite wurdich krekt om't it 'gjin standerttaal is, mar in taal dy't libbet buotten wurdboek en grammatika' (Riemersma 1993a:5). Ik jou noch in sitaat (fan Feitsma):

'Ten fon de aspekten fon it frysk is no krekt dot de dingen yn it frysk gewoaner sein wurde os yn it hollônsk. Dêrtróg kómt it frysk tichter by de meensken. Dot sit him net yn bepaalde wurden mar yn de hiele toan. Dy toan mat no just net "offysjelig-sjûrnalistysk-hollônскеftig" wêze, dy sit krekt yn un "legere", "autentykere" styllaag, dy't - en dot is fwar my no krekt it sintrale yn it fryske taalgebrûk -, ek yn de hegere regyoanen fan geast en wrôd brûkber en op syn eigen wize kómmúnýkatyf is' (Feitsma 1987b:75).

Feitsma har wurk is sterk rjochte op 'e sosjale posysje fan it Frysk. No kin men elke taal yn in sosjologysk perspektyf bestudearje en foar it Frysk as minderheidstaal (ik brûk foar it gemak doch mar eefkes dy dizenige term) leit dat noch mear yn 'e reden. Fansels moat men oan sa'n beskriuwing, like goed as oan in mear taalkundige, de normale wittenskiplike easken stelle, byg. dy fan kontrolearberens en objektivens (binnen de yn 'e *Oanrin* fan dizze stúdzje sketste kontekst). Yn in krante-artikel fan maaie 1993 oer 'De sosjale kant fan taal' skriuwt Feitsma û.m.:

'Dy lykweardigens fan it Frysk en it gebrûk fan it Frysk ek yn hegere domeinen hâlde ferbân mei it trochbrekken fan de beslettenens fan de eigen rûnte fan de grutte femylje fan Fryskpraters, fan it

'dialekt' sis mar. Fansels, Frysk is en bliuwt ek de taal fan dy grutte femylje, dat is de basis fan it Fryske taalgebrûk' (Feitsma 1993a: 22).

Feitsma brûkt hjirre in typearring fan it Frysk, 'grutte femylje', dy't se net motivearret en dêr't ik fan betwivelje oft dy wittenskiplik sjoen wol te ferdigenjen is. As dy 'grutte femylje' der al ea west hat (mar yn hokker idyllyske perioade fan de Fryske skiednis dan?): hoe is Feitsma har beskriuwing te rimen mei byg. it nei de lêste wrâldoarloch hast yn in sucht ferlern reitsjen fan de homogeen Frysktalige (plattelâns)mienskip en hoe mei de noch hieltiten trochsettende yndividualisearring fan de maatskippij?

Yn Feitsma har foarstelling fan saken moat de Fryske mienskip noch altiten as 'relatively agrarian' (Feitsma 1980a: 335) karakterisearre wurde en de taal as 'klosseleas':

['Yn de fryske nwarm'] binne de ferskillen tusken 'deftig' en 'gewoan' navenont lyts, mei't de agraryske fryske mienskip un einhinne un klosseleaze taal hat; dot mat sa bliuwe' (Feitsma 1989: 21).

Ek sa'n karakteristyk fan it Frysk en de Friezen hat ideologyske trekken. Fryslân is net langer in agraryske mienskip en dus it Frysk gjin 'boerefrysk' mear. It is, sa wiist ek sosjologysk ûndersyk út, hjoeddedei foaral de taal fan de maatskiplike 'ûnderlaach' (93-94). De eventuele lytse ferskillen tusken 'deftig' en 'gewoan' yn it Frysk hawwe net folle te krijen mei de sosjale struktuer fan Fryslân, mar moatte alderearst yn ferbân brocht wurde mei de posysje fan it Nederlânsk (of eins de brûkers dêrfan) en syn noarm, dat ek yn Fryslân de rol fan hege fariëteit ferfollet (sjoch foar ien en oar fierder myn proefskrift, s. 118-119). Wat it 'gewoane' karakter fan de Fryske skriuwtaal oangiet, de ferklearring dêrfoar moat earder socht wurde yn de sterke posysje fan it Frysk as (ynformele) sprektaal, dy't trochwurket yn 'e skreaune (normearre) fariant (41-42) en fierder fansels yn it mar in bytsje brûken fan it Frysk yn formele rûnten (sj. dêrfoar ek byg. Gorter 1993: 155). Om deselde reden hawwe de neffens de foarm as Frysk te identifisearjen haaddialekten, d.w.s. it Klaaifrysk en it Wâldfrysk, mar net it Súdhoeksk, noch altiten in relatyf sterk plak yn de skriuwtaal (22).

Feitsma idealisearret it byld fierder troch oan it bestean fan 'de stanneleaze agraryske sprektaal' de konklúzje te ferbinen dat dêryn de 'demokratisearring' 'bebakt' sit (Feitsma 1981b: 54). Ek yn dat gefal moat dy eigenskip fan de Fryske sprektaal earder yn gearhing mei de rol fan it Nederlânsk besjoen wurde as mei de ferûnderstelde positive kwaliteiten fan de Fryske mienskip.

Feitsma sjocht ek it ûntbrekken fan sosjale ferskillen tusken de brûkers fan 'de ûnderskate dialekten' as in posityf punt fan de Fryske mienskip:

'it is hjoeddedei net mooglik om yn de lûding fan de tael as sadanich jins standing te uterjen. Ynsafier binne wy allegear frije Friezen ûnder elkoar. Dit foardiel fan ús taelstuaesje: de lyken

folweardigens fan de streekdialekten, slane wy net gau to heech oan' (Boersma/Feitsma 1959: 50).

De kwalifikaasje fan 'frije Friezen' is allinnich mar te begripen as de Fryske mienskip as in eilantsje sjoen wurdt, los fan de (yn Feitsma har eagen) hurde, deftige, Hollânske maatskippij. Dat eilân bestiet al lang net mear, sels net iens mear yn de tiid fan de 'eala fria fresena'.<sup>13</sup>

#### 4.3. 'Súksessen' foar it Frysk

Om in dúdliker byld te krijen fan it Frysk en syn noarm is it nedich om net allinnich nei (yntern-Fryske) taalkundige faktoaren te sjen, mar moat it perspektyf ferbrede wurde. Ik ha dat yn myn proefskrift alderearst dien troch, lykas sein, it Frysk yn in sosjale kontekst te pleatsen en troch it hieltiten wer mei it Nederlânsk te fergelykjen. Yn it ôfslutend haadstik haw ik dêr boppedat, sij it yn hiel globale trekken, in histoaryske diminsje oan tafoege troch ek rekken te hâlden mei de taalsituaasje fan foar de lêste wrâldoarloch. Hoewol't it stribjen fan de Fryske Beweging nei lykberjochting en lykweardigens fan it Frysk oan it Nederlânsk yn in soad gefallen fertuten dien hat (dêr moat nedich systematysk ûndersyk nei dien wurde), kin men de resultaten dêrfan allinnich mar goed beoardiele as dy ôfset wurde kinne tsjin de ek feroare posysje fan it Nederlânsk yn Fryslân. Sawol wat de foarm as de funksje fan it Frysk oanbelanget, kom ik ta de konklúzje dat, rekken hâldend mei de histoaryske diminsje, it 'ferlies' foar it Frysk grutter is as de 'winst' (s. 235-238).

Myn oanpak (en dêrmei ek it resultaat) is my troch guon kritisy fan myn proefskrift net yn tank ôfnommen. Neffens Straatsma haw ik der 'ferlet' fan om 'it taal-wêzen fan it Frysk yn 'e kiif te stellen' (Straatsma 1993: 5) en Riemersma skriuwt: 'Dusse dissertaasje wol de earmoed fan it Frysk oan it ljocht bringe' (Riemersma 1993a: 5). Myn wurkwize ropt eangst foar de posysje fan it Frysk by kritisy as Feitsma en Riemersma op:

'ont fier bûten de Fryske grinzen ta is syn boek - ûnbedoeld - in wapen wurden yn de hannen fan de tsjinstanners fan it Frysk' (Feitsma 1993d: 86);

'Gjin rykssubsydzje mear foar *Trotwaer*, gjin wurkbeurzen en oanfoljende honoraria foar Fryske skriuwers? Wat binne de ymplikaasjes fan Pieter Breuker syn stelling dat it Frysk gjin taal is? Wy moatte hoopje dat it sintrale regear de status fan 'e Fryske taal heger oanslacht as Breuker docht en op 'e âlde foet fierder giet mei it stypjen fan 'e literatuer dy't dêryn skreaun wurdt. Winlik bin ik

---

13. Dat byld is foaral troch Algra (wiidweidich) wjerlein: 'Onze conclusie kan kort zijn. Gedurende de middeleeuwen verschilden de maatschappelijke verhoudingen in Friesland niet zoveel van die, welke elders aangetroffen worden' (Algra [1992<sup>2</sup>]: 181).

der net echt benaud foar dat de subsidyjekraan tadraaid wurdt, mar sokke ongelokkige opmerkingen fan Breuker binne lykwols gefaarlik. It sit my te farsk yn 't onthâld dat de stúdzjerjochting Frysk oan 'e VU opdûkt is, net mei it doel, mar wol mei it gefolch dat it foar de oare stúdzjerjochtingen navenant wat rûmer soppe. It jild dat net oan 'e Fryske literatuer bestege hoege soe te wurden, soe oan 'e Hollânske skriuwers en skriuwerij spandearre wurde kinne. Hokker Hollânske kollega soe wier in poat foar ús útstekke as soks drige te barren?' (Riemersma 1993b: 77).

Dy fyn-ynleine iepeningspassaazje fan Riemersma syn artikel yn it literêre blêd *Trotwaer* kom ik oan 'e ein fan myn stik yn algemiene sin noch op werom. Ik merk hjirre allinnich op dat Riemersma nettsjinsteande de wurden 'net echt benaud' doch suggerearret dat myn proefskrift fatale gefolgen foar it Frysk hawwe kin. Dêr draacht de (ûnwiere) twadde sin ek fiks ta by.

Hokker perspektyf kieze sokke kritisy no sels? In brûkbere yngong ta in antwurd op dy fraach jout dit sitaat út in artikel fan 1971 fan Feitsma:

'De normale ontwikkeling zou kunnen zijn dat het fries het zonder protest opgeeft tegen de sociaal zoveel machtiger konkurrent [te witten it Nederlânsk]. De relevante vraagstelling met betrekking tot de friese taalsituatie is dan ook niet: hoe komt het dat het fries op dit moment zo bedreigd wordt? maar: hoe komt het dat het fries nog bestaat?' (Feitsma 1971: 7).

Op sa'n wize krijt men lykwols in fertekene perspektyf: allinnich de sterke c.q. bysûndere punten fan it Frysk wurde beljochte. Dat is ek krekt wat Feitsma sels hieltiten wer docht. Dy wurkwize komt oant yn de titels fan har wurk oer de taalnoarm ta utering, byg. yn 'It spesifyke karakter fon de fryske taalnoarm' (Feitsma 1989a). In noch resinter foarbyld fan dy wurkwize is te finen yn har earder oanhelle artikel oer 'De sosjale posysje fan it Frysk'. Dêryn skriuwt se û.m.:

'Dy [sosjale] lykweardigens fan it Frysk en it gebrûk fan it Frysk ek yn hegere domeinen hâlde ferbân mei it trochbrekken fan de beslettenens fan de eigen rûnte fan de grutte femylje fan Fryskpraters, fan it 'dialekt' sis mar [...]. Dy iepenens fan it Frysk is hyltyd oanwûn, en as wy no om ús hinne sjogge, dan komt dat net allinne ta utering yn lykweardigens (of it emansipatoare strjiben dêrnei) en yn gebrûk en akseptaasje fan it Frysk yn hegere domeinen (mûnling sa goed as skriftlik), dy iepenens komt ek foar it ljocht yn oare sosjale eigenskippen fan it Frysk' (Feitsma 1993a: 22).

It rychje positive punten dat Feitsma dan neamt, is de meagere kant neist en der falt boppedat op elke útspraak wol wat ôf te tingjen. Se neamt: 1. de 'eksplisite taalnoarm' fan it Frysk; 2. it 'systematysk' wurkjen oan 'terminology (mei ynbegryp fan nijfoarming) fan 'nije' domeinen'; 3. Fryske boeken kinne, oars as byg. yn it Platdútsk, 'ek bûten Fryslân spylje mei net Frysktalige persoanen'; 4. 'Der is in navenant sterk Frysk taalbesef'; 5. 'As net-Friezen it Frysk oanleare, wurdt dat oer it algemien wurdearre (en net ôfwiisd as in besykjen fan frjemd om yn it eigen besletten fermidden yn te kringen)' (Feitsma 1993a: 22).

Ek as ik der rekken mei hâld dat it om in krante-artikel giet, tinkt my noch dat Feitsma har stellingen net botte nuansearret. Sa jout har taljochting op de earste stelling dat it Frysk in eksplisite taalnoarm hat, in al te ienfâldige foarstelling fan saken. Dêr feroaret it grutte tal modale wurdjes neat oan:

'It Frysk hat in eksplisite taalnoarm dy't benammen ynfloed hat op de skriuwtaal mar ek op de sprektaal; dy noarm mei foar it Frysk fleksibeler wêze as foar it Nederlânsk en wat mear op de sprektaal inte wêze, der bestiet ek foar it Frysk in dúdlik besef dat der 'goed' en 'ferkeard' taalgebrûk is'.

It liket my oars ta dat 'in eksplisite taalnoarm' en in besef fan 'goed' en 'ferkeard' net mei-inoar gearfalle: by it earste giet it om de oanwêzigens fan konkrete regels en foarmen, by it twadde om it besef by de taalbrûker dat dy der binne *sûnderdat hy se hoecht te kennen*, in situaasje dy't foar it Frysk hiel gewoan is (112-116). Wat it eigentlike ûnderwerp fan dizze paragraaf oanbelanget: oer de 'iepenens' fan it Frysk nei it Nederlânsk is by Feitsma neat te finen.

Ik jou noch ien foarbyld fan it allinnich mar nei foaren heljen fan positive punten fan it Frysk. It giet om in krante-artikel fan Jorritsma-Lebbink, 'vice-foarsitter' fan it troch de provinsje Fryslân betelle 'Berie foar it Frysk', in taalpolityk advysorgaan. Sy sinjlearret allinnich mar 'sterke punten' op it mêd fan it provinsjale taalbelied. Dat binne 'it iepenbier bestjoer, de kultuer (toaniel, literatuer, wittenskip) en it ûnderwiis' (Jorritsma-Lebbink 1993: 5). Ek sa'n útspraak is ideologysk motivearre. Ik sil dat taljochtsje oan de hân fan ien foarbyld. Foarsafier't de posysje fan Frysk yn 'e hege' domeinen goed regele is, jildt dat alderearst foar it ûnderwiis, foaral it basisûnderwiis: Frysk is dêr sûnt 1976 by alle fakken tastien as fiertaal en sûnt 1980 ferplichte as fak. Hoe sit it nei al dy jierren mei de effekten fan dy ferplichting? Yn in artikel fan 1993 konkludearret De Jong:

'At this moment the actual practice of the obligation to teach Frisian can not be considered as an instrument for language maintenance. If educational practice does not change, the schools will be jointly responsible for the fact that the Frisian language remains at the level of an oral language' (S. de Jong 1993: 67).

In lêste 'sterk punt' soe neffens Jorritsma-Lebbink it meitsjen fan nije Fryske wurden wêze, in taak dêr't it (ek troch de provinsje betelle) Taalburo fan de Fryske Akademy mei belêste is. Sy neamt yn har stik mar trettjin wurden, wêrfan't boppedat guon al jierren ynboargere binne ('pakjedrager', 'heitelân') en oaren foar de wissichheid doch mar eefkes oerset wurde: ' 'kreamferlof' (foar: 'zwangerschapsverlof'), 'lijtewenning' (foar: 'aanleunwoning') en 'mienskipsakkoart' (foar: 'samenlevingscontract') ' (Jorritsma-Lebbink 1993: 5). It meast fertekjende yn sa'n foarstelling fan saken is lykwols it net iens oantsjuten fan

al dy tûzenen wurden, foarmen en konstruksjes dy't yn it Frysk ûnder ynfloed fan it Nederlânsk ferkrongen wurde of dat al binne (150-153). In soartgelikens beswier jildt foar it net yngean op 'e ynfieringsproblematyk fan nije terminology. No't it Taalbuero al trettjin jier dwaande is mei it ûntwikkeljen fan terminology, wurdt it tiid om de praktyske effekten dêrfan ris nei te gean: sa'n ûndersyk nei it feitlike brûken fan nije wurden tsjinnet net allinnich in taalpolityk, mar ek in wittenskiplik doel.

### 5. *Beslút*

Elkenien dy't Frysk praat of skriuwt, mar ek heart of lêst, hat mei de noarm fan dy taal te krijen, ek as dat net sa dúdlik útsprutsen wurdt. Net allinnich dêrom lykwols is de noarm fan it Frysk in aktueel en belangryk ûnderwerp. Mear as by it Nederlânsk, de oare taal dy't elke Frysktalige yn 'e macht hat en allegeduerigen brûkt, wurdt de (bewuste) brûker fan it Frysk hieltiten wer konfrontearre mei de fraach 'hoe't it eins heart' (sj. ek de *Oanrin*). It ferlet fan ynformaasje dêroer is bûtengewoan grut. Sa is it te ferklearjen dat navenant gâns persoanen en ynstellingen har mei de noarm fan it Frysk dwaande hâlde (s. 112-116).

It is goed dat der yn sa'n taalsituaasje 'paadwizers' binne, al wie 't allinnich mar om't lang net elkenien dy't soarch oan syn Frysk besteegje wol, de kâns hat om de nedige kennis datoangeande byinoar te bringen. Yn guon gefallen sil in 'paadwizer' syn *persoanlike* miening oer de noarm jaan moatte, byg. yn it ûnderwiis. Learlingen ferwachtsje dat en se hawwe der yn myn eagen ek rjocht op. Like goed freget ek de master-learling-ferhâlding yn dit stik fan saken de nedige foarsichtigens. Oars as byg. by rekkenjen, dêr't, as men it hiel simpel stelt, absolute wierheden as  $1 + 1 = 2$  jilde, sil sels de persoan fan wa't it 'goede' antwurd ferwachte wurde mei, syn miening altiten taljochtsje en nuansearje, om net te sizzen relativearje, moatte. Der sitte oan de noarmproblematyk safolle en sokke komplekse kanten dat inkeldfâldige antwurden net mooglik binne. Dy de learlingen sjen litte (yn 'e hoop dat se op grûn dêrfan sels ta in taalnoarm komme), is fan mear belang en yn yntellektueel opsicht boppedat befredigjender as it ferkeapjen en trochdrukken fan jins eigen noarm.

It foargeande jildt fansels net minder foar de wittenskipper. Dy sit boppedat yn in posysje dat er by in ûnôfhinklike opstelling net foar de iene of de oare noarm hoecht te kiezen. De wittenskip freget dat net fan him en de maatskippij mei him der net op fergje: dy hat neat oan wittenskippers dy't, mei troch dy 'plicht' ta kiezen, wittenskip en ideology net útinoar hâlde kinne. De taak fan de wittenskipper is om de werklikheid objektyf te beskriuwen en te ferklearjen, ek yn it besef dat dy werklikheid noait as sadanich te kennen en dus te beskriuwen en te ferklearjen is. Lykas sein (sjoch û.m. noat 1): elke ûndersiker is bûn oan it

maatskiplike en kulturele ramt dêr't er yn funksjonearret, dat weardefrij ûndersyk yn dy sin bestiet net. Dat besef achtsje ik it werklike dilemma foar de wittenskipper. Sa opfette stiet it fêst dat ek myn beskriuwing fan de noarmproblematyk fan it Frysk kleure is. It iennichste ferwar dat men dêrtsjin hat, is besykje om sa objektyf mooglik te wêzen.

Ien fan de haadkonklúzjes út myn proefskrift is dat net allinnich de sprektaal, mar ek de skriuwtaal ûnder in noch hieltiten tanimmende ynfloed fan it Nederlânsk stiet. Hoewol't it op it each om twa folslein ferskillende saken giet, te witten ynterferinsje resp. distansjearring, is it Nederlânsk yn beide gefallen de driuwende krêft. It effekt fan dy twa yn taalkundich opsicht tsjinoerstelde tendinzen is dat sprek- en skriuwtaal hieltiten fierder faninoar ôf komme te stean. De ûnlykweardige talige relaasje tusken Frysk en Nederlânsk kin net allinnich mar taalkundich ferklearre wurde: de werklike oarsaak is de oerhearskjende sosjale posysje fan it Nederlânsk.

Dy (taalkundige en sosjologyske) beskriuwing fan de relaasje Frysk-Nederlânsk mei dan troch guon fan myn kritisy oanfochten wêze, wjerlein is dy neffens my net. Systematysk besykje se om op de ien of oare wize (en faak op beide) it sa foar te stellen as soe it perspektyf dat ik keazen ha foar de beskriuwing fan de noarm fan it Frysk alhiel net doge. Yn har foarstelling fan saken liket it as soe de sosjale en talige rol fan it Nederlânsk minimalisearre (byg. Feitsma en Jonkman) of sels deaswijd (Hiemstra) wurde kinne en as soenen de posysje en noarm fan it Frysk net tige problematysk wêze (bûten de neamden byg. ek Riemersma). De metoaden dy't de neamde kritisy dêrby brûke - in iensidich negative beskriuwing fan it Nederlânsk (en oare standerttalen) en in like fertekene positive beskriuwing fan it Frysk (en dêrmei fergelykbere talen) - fersterkje it neffens my ûnwittenskiplike karakter fan har wurk oer taalnoarm.

In twadde, dêrmei gearhingjende, tekoartkomming achtsje ik it tsjingean fan in iepen diskusje oer it Frysk en syn noarm. De feitlike posysje fan it Frysk (foar safier te kennen, ik sis it noch marris) mei blykber net (al te botte) bleatlein wurde<sup>14</sup>, dat is net goed foar status en oansjen, foar Beweger en politikus, it kin

---

14. Fergelykje ek: 'Breuker kiest de kritearia (it soe to fier gean om se hjir ek to bisprekken) sa, dat it Frysk, dat binammen skriftlik en as standerttael noch net oeral likefolle brûkt wurdt, der net (alhiel) oan foldocht [t.w. oan de 'definysje fan in standerttael']. En dêr is de bear mei los, liket it wol: de kranten smite har as âldroeken op Breuker syn konklúzje. "Fries geen taal, maar dialect", moaijer ken it ommers hast net. Foar de kranteman net, né, mar foar eltsenien dy't yn it spier is foar it Frysk ken it hast net minder. As Breuker syn konklúzjes sa yn'e kranten steane, dogge se de Fryske saek op dit stuit gjin goed. Al hat Breuker it sa net bidoeld, it wurket al sa. *Dêrom hie it better west foar it Frysk èn mear yn 'e geast fan 'e hiele dissertaasje, as Breuker him fuortendaliks fan 'e earste krantekoppen dúdlik distansearre hie'* (Westra 1993: 2). Ik ferwys foar wat ik skreaun ha fansels nei myn proefskrift.

subsydzjejouwers skoftich meitsje (Riemersma) en in 'wapen' wurde 'yn de hannen fan de tsjinstanners fan it Frysk' (Feitsma). It sil gjin tafal wêze dat gâns fan myn kritisy (Feitsma, Hiemstra, Jonkman, Straatsma, Westra) pommeranten fan 'e Fryske Beweging binne.

Ik fersmyt boppesteande ûnkritiske hâlding, net allinnich út wittenskiplik eachpunt, mar, miskien ferrassend, ek út reden fan taalpolityk. It is myn fêste oertsjûging dat it Frysk allinnich mar tsjinne wurde kin mei in reële analyse fan de feiten, positive (dy't, oars as Feitsma en Riemersma skriuwe, ek yn myn proefskrift steane: sj. foaral de haadstikken 2b en 4 en ek noat 5 fan dit artikel) en negative. Op grûn dêrfan kinne de bêst mooglike maatregels nommen wurde (sj. ek Breuker 1993b: 22). Dêrby moat it Nederlânsk net negearre wurde, krekt oarsom: sil it Frysk oerlibje, dan sil it de konfrontaasje sykje moatte. Allinnich yn sa'n striidbere sfear kinne de werklike kwaliteiten fan it Frysk (neist dy fan it Nederlânsk) ta utering en ta har rjocht komme. It is goed om te betinken dat yn dy kompetysje de tiid fan boer en bûthús foargoed foarby is: it Frysk sil de moderne maatskippij fan amtners en oare holle-arbeiders treast wêze moatte. Dêr leit de útdaging foar wittenskipper én beweger, foar analitikus en politikus.

Grins, novimber 1993

*Rijksuniversiteit Groningen*  
*Frysk Ynstitút*

#### OANHELLE LITERATUER

- |                            |   |
|----------------------------|---|
| Algra [1992 <sup>2</sup> ] | N.E. Algra. <i>Zeventien keuren en Vierentwintig landrechten</i> . Doorn, s.j.  |
| Boersma/Feitsma<br>1959    | U. Boersma en T. Feitsma. "'Standertfrysk" en dialektforskil op de twatalige skoalle'. Yn: <i>De Pompeblêdden</i> , jrg. 30 (1959), s. 49-51. |



- Breuker 1992 P. Breuker. 'Taalkundige skaaimerken fan normearre Frysk'. Yn: *Us Wurk*, jrg. 41 (1992), s. 1-58.
- Breuker 1993a P. Breuker. *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk* (diss. RUG). Grins.
- Breuker 1993b P. Breuker. 'Foarm en funksje fan it Frysk in teare kwestje'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 14 mei 1993, s. 22.
- Breuker 1993c P. Breuker. 'In literatuerman oer sosjolinguiestyk'. Yn: *Trotwaer*, jrg. 25 (1993), s. 160-163.
- Breuker 1993d P. Breuker. 'Ta de taalnoarm fan de AFUK'. Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 64 (1993), s. 70-75.
- Feitsma 1971 A. [= T.] Feitsma. 'Onderzoek naar tweetaligheid in Friesland'. Yn: A. [= T.] Feitsma en M. v. Overbeke. *Tweetaligheidsproblemen*. Amsterdam, s. 5-21.
- Feitsma 1978 A. van der Meer. 'Prof. dr. A. [= T.] Feitsma: "It moat wol wenne as guon professor tsjin jin sizze"'. Yn: *Frysk & Frij*, 18 maart 1978, s. 1, 8.
- Feitsma 1980a A. [= T.] Feitsma. 'The Frisian native speaker between Frisian and Dutch'. Yn: D.J. v. Alkemade a.o. (eds). *Linguistic Studies offered to Berthe Siertsema*. Amsterdam, s. 335-339.
- Feitsma 1980b A. [= T.] Feitsma. 'Why and How do the Frisian Language and Identity Continue?' Yn: E. Haugen e.o. (eds). *Minority Languages Today*. Edinburgh, s. 163-176.
- Feitsma 1981a A. [= T.] Feitsma. 'Wat is twataligens?'. Yn: K. Boelens e.o. *Twataligens; ynlieding yn ûnderskate aspekten fan de twataligens*. Ljouwert, s. 14-17.
- Feitsma 1981b A. [= T.] Feitsma. 'Taalnoarm en ynterferinsje'. Yn: K. Boelens e.o. *Twataligens; ynlieding yn ûnderskate aspekten fan de twataligens*. Ljouwert, s. 52-62.
- Feitsma 1982 T. Feitsma. 'Mieningen oer de fryske taalnoarm 9.' Yn: *Fryx; tydskrift foar polityk en kultuer*, jrg. 3 (1982), s. 121-127.
- Feitsma 1987a A. [= T.] Feitsma. 'Geschiedenis en karakter van de friese norm'. Yn: J. de Rooij (red.). *Variatie en Norm in de Standaardtaal*. Amsterdam, s. 57-69.
- Feitsma 1987b T. Feitsma. 'De noarm fon it frysk by radyo-Fryslân'. Yn: *Fryx; tydskrift foar polityk en kultuer*, jrg. 8 (1987), s. 74-75.

- Feitsma 1989a T. Feitsma. 'It spesyfike karakter fon de fryske taalwarm'. Yn: W. Visser (red.). *Noarm en ynterferinsje; lêzingen fan de YSF-stúdzje-dei fan 9 april 1983*. Amsterdam, s. 15-22.
- Feitsma 1993a T. Feitsma. 'De sosjale kant fan taal'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 28 mei 1993, s. 22.
- Feitsma 1993b J. Oppewal. 'Ofskie fan prof. Tony Feitsma'. Yn: *Frysk en Frij*, 9 juny 1993, s. 9-11.
- Feitsma 1993c J. Kingma. ' 'As ik radikaal bin, wa is it dan net mear' '. Yn: *Friesch Dagblad*, 19 juni 1993, s. 27.
- Feitsma 1993d T. Feitsma. 'Besprek fan: Pieter Breuker, *Noarmaspekten* [...]' Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 64 (1993), s. 84-87.
- Feitsma 1993e A. [= T.] Feitsma. *Oud en nieuw in de Frisistiek*. Ljouwert/Leeuwarden.
- Gorter 1993 D. Gorter. *Taal van klerken en klanten; ûndersyk nei it Frysk en it Nederlânsk yn it ferkear tusken siktary-amtners en ynwenners fan de gemeente Hearrenfean* (diss. UvA). Ljouwert.
- Hiemstra 1993a S.T. Hiemstra. 'De noarm fan it Frysk en de AFUK'. Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 64 (1993), s. 76-79.
- Hiemstra 1993b S. [T.] Hiemstra. 'Boekbespreking [fan: Pieter Breuker, *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk* [...]]'. Yn: *Levende Talen*, nr 484 (nov. 1993), p. 544-547.
- De Jong 1993 F. de Jong. 'Breuker giet ûnkritysk om mei teory'. Yn: *Friesch Dagblad*, 9 april 1993, s. 18.
- S. de Jong 1993 S. de Jong. 'Command of Frisian and Dutch in primary schools in Friesland: unfounded fear leads to neglect of the Frisian language in education'. Yn: K. Zondag (ed.). *Bilingual education in Friesland*. Leeuwarden, s. 53-69.
- Jonkman 1993 R.J. Jonkman. 'De itige fraach nei taal of dialekt werris opikkere'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 2 april 1993, s. 22.
- Jorritsma-Lebbink 1993 'Belied rjochte op takomst fan Frysk'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 6 mei 1993, s. 5.
- Riemersma 1977 T. Riemersma. 'Goed en ferswarge friesk'. Yn: *Trotwaer*, jrg. 9 (1977), s. 198-202.
- Riemersma 1993a T. Riemersma. 'Foar de lykwein'. Yn: *Frysk en Frij*, 14 april 1993, s. 5.
- Riemersma 1993b T. Riemersma. 'Jimmer moat ik smeulend hearre'. Yn: *Trotwaer*, jrg. 25 (1993), s. 77-82.

- Straatsma 1993      R. Straatsma. 'Taal en dialekt'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 5 april 1993, s. 5.
- Westra 1993        L.H. Westra. 'Mei it wetter foar dokter Breuker'. Yn: *de FRYSKЕ federalist*, jrg. 6 (1993), nû. 3, s. 2.